

PARSEBERJOCHT / PERSBERICHT

18 maart 2020

Kommende wiken ek live tsjerketsjinsten op Omrop Fryslân

Omrop Fryslân stjoert ek de kommende wiken sneintemoarns om tsien oere in tsjerketsjinst út op telefyzje en online. Dat docht de Omrop yn gearwurking mei de tsjerkeried fan de PKN gemeente yn Frjentsjer. De tsjinst komt alle kearen út de Martinitsjerke yn Frjentsjer wei. Der sille wikseljende foargongers wêze en de tsjinsten hawwe in oekumenysk karakter.

Dizze wike giet ds. Margarithe Veen foar. Op de website fan Omrop Fryslân, [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl), sil de liturgy fan de tsjinst oanbean wurde. Omrop Fryslân sil salang't de omstannichheden it talitte besykje de tsjinsten troch te setten. De fieringen sille in oanpast karakter hawwe, wêrby't it tal oanwêzigen ta in minimum beheind bliuwt.

Ferline wike snein waard de earste tsjinst live útstjoerd. Foargonger wie dominy Sytze Ypma fan Frjentsjer. Hy waard op it oargel begelaat troch Jochem Schuurman. Dy sil de kommende wiken de tsjinsten ek begeliede. Ut de hege sjochsifers die bliken dat der ferlet is fan dit inisjatyf. De Omrop krige ek in protte positive reaksjes fan sjoggers.

Komende weken ook live kerkdiensten op Omrop Fryslân

Omrop Fryslân zendt ook de komende weken op zondagochtend om tien uur een kerkdienst uit op televisie en online. Dat doet de Omrop in samenwerking met de kerkenraad van de PKN gemeente in Franeker. De dienst komt elke keer vanuit de Martinikerk in Franeker. Er zullen wisselende voorgangers zijn en de diensten hebben een oecumenisch karakter.

Deze week gaat ds. Margarithe Veen voor. Op de website van Omrop Fryslân, [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl), zal de liturgie van de dienst worden aangeboden. Omrop Fryslân zal zolang de omstandigheden het toelaten proberen de diensten door te zetten. De vieringen zullen een aangepast karakter hebben, waarbij het aantal aanwezigen tot een minimum beperkt blijft.

Vorige week zondag werd de eerste dienst live uitgezonden. Voorganger was dominee Sytze Ypma uit Franeker. Hij werd op het orgel begeleid door Jochem Schuurman. Die zal de komende weken de diensten ook begeleiden. Uit de hoge kijkcijfers bleek dat er behoefte is aan dit initiatief. De Omrop kreeg ook veel positieve reacties van kijkers.

Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeelding: Omrop Fryslân.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 – 14 23 98 34.